

Van: R van G

Verzonden: dinsdag 19 december 2017 17:00

Aan: Communicatie Tytsjerksteradiel <communicatie@t-diel.nl>

CC:

Onderwerp: Precarioheffing

Bêste ôfd. Communikaasje en leden Gemeenteried,

Wêr binne jimme dochs mei dwaande. Precarioheffing ynfriere? It is te gek foar wurden.

De Gemeente Tjd. sit finansjeel oan krapperein en giet dêrom oer op precarioheffing. It ûntbrekt ús/jimme yn Tjd. oan de trochtaastende krêft om te besluten de netrepliksaakbelesting te ferheegjen foar sawol eigers as hierders. Ferheging fan de netrepliksaakbelesting soe in finansjeel knipepunt struktureel oplosse.

Wat der no bart, is dat der in blykber bestriidber beslút nommen is, mei kans op juridysk ferlies foar Vitens. Sjoen de ferwachte hichte fan de ferheging fan de wetterpriis, is it my wol dúdlik dat Vitens dat net út de winst betelje kin/sil. Dat hat fan gefolgen dat de precarioheffing mei of sûnder ferwiizing nei de gemeente Tjd. trochberekkene wurde sil yn de priis. Hoe dan ek; de boarger kriget it foar de kiezen.

Fan 2022 ôf, begryp ik, mei de precarioheffing net mear heven wurde. Wat soe dit betsjutte kinne? Gemeente Tjd. mei net mear heffe. Vitens kin it net mear yn rekken bringe by de boarger. Realiteit sil fan 2022 ôf wêze dat Vitens de wetterkosten net mei it folsleine bedrach ferminderje sil, mar mei in part. De gemeente Tjd. sit yn 2022 noch altyd krap by kas, dus úteinlik moat doch de netrepliksaakbelesting omheech.

De effekten fan dizze hiele eksersysje binne:

- In soad ergernis by de boarger.
- Ekstra salariskosten foar de gemeente (mear personiel of oerwurkoeren).
- Folslein oerstallige briefskriuwerij by gemeente en Vitens.
- Proseskosten en ekstra wurk by Justysje, dy't toch al fersûpt yn it wurk (ek dat moat de boarger betelje).
- Ekstra wurk en kosten by Vitens dy't hja ferhelje sile/moatte op de wetterôfnimmers.
- Troch in tanimmend tal skeakels yn de heffingsaksjes nimme de kosten foar de boarger net evenredich ta (de ynkomen fan de gem Tjd. binne yn ferhâlding leger as de kostenstiiging foar de boarger).
- De ekstra kosten wurde evenredich droegen troch alle boargers. Dat liket sociaal, mar de minsken mei in útkearing drage likefolle by as in amtner mei in salaris op skaal 14 of immen út de Quote 500.

Konklúzje; dat moatte wy as boargers net wolle. De riedsleden, ús ferstjintwurdigers, soene hjir in stokje foar stekke moatte.

Mei groetnis,

R v G